



Op woansdei 18 jannewaris namen ôfskied fan Jan Pieter Dykstra Hzn.

\* It Heidenskip 7 maart 1945

† Warkum 12 jannewaris 2023.

Jan Pieter wie fan grutte betsjutting foar de Gerben Rypma Stichting in wiere Freon. Altyd ree om syn brede kennis fan de lokale skiednis en it gea by ús aktiviteiten te dielen, yn detail ferslaggen te skriuwen en ús op allerhanne mêd te advisearjen.

Foto: *Jan Pieter by de kulturele kuier yn Greonterp op sneon 20 septimber 2018*



Op de roubrief stie 'Moaiste lân'. Syn earste gedicht yn de lyrische courant (1974), mei skilderijke fan sweager Rink Roelof van Dijk.

*'Moaiste lân'. In koubist | Stiet to klomjen: Yn it moaiste wiet lân | Fan ierde. BARD.*

Mei de betinking op 18 jannewaris is syn lêste gedicht 'Skaek !' foardrûgen. Sjoch side 2.

Bestjoer Gerben Rypma Stichting

## Skaek!

In kantich boerd mei fjilden swart en wyt  
In sânglês dat oantsjut dat de tiid forglydt.  
De spilers binn´ al sitten gien,  
Oan beide siden fan de taffel ien.

It lot bipalet, hwa krijt wyt, hwa swart.  
Dan wurde de stikken út it kistke pakt:  
De kening en syn wiif, hynsders en pionnen,  
Ek noch tuorren, lopers; slach de tromme!

De earste set wurdt dien, in útfal oer de side.  
De fijan lit al daliks in soldaet wer yn it kistke glide.  
In hynsder springt oerheaks, lopers, pionnen retirearje,  
De kening akselt tsjin, wol noch konsolidearje.

Syn ienris sa romrofte phalanx  
Fan Thebanen draeft net mear yn kadâns.  
Syn Agema rekket forsille oer t fjild. Forslein  
En wurch wurdt op it lêst dan del de kening lein.

Op ´t kantich boerd mei fjilden swart en wyt  
Reitsje spilers stikken ier of let kwyt  
Hoeden wurde dy altiten ien foar ien  
Nei it slaen wer yn it kistke dien

Oant op in dei de Greatmaster bisletten hat  
Hjoed gjin remise mear, inkeld noch skaekmat.  
It sânglês is forroun, tiid as in skaed forflein  
En hoeden wurdt de spiler yn ´e kiste lein.